

As de leafde yn it
spul is binne der
gjin sleatten te
breed

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Tafeltennisfirus

'Ik bin oan it seagjen west mei in keukenmeske en haw it hânfet fan it batsje lytser makke'

[pagina 3>](#)



Digi-Taalhuis

'Ze lezen van rechts naar links, gebruiken niet onze letters en de uitspraak is anders'

[pagina 3>](#)



Lêste Roekrock

'Jeugd makket oare keuzes. Stie earder it stek fol mei fytsen, dat binne der noch in hantsjefol'

[pagina 15>](#)

Mei opkreaaze Hegedyk krijt Jellum doarpsgefoel werom

Jellum – It wurk sit der op, it karwei is berêden. Op 23 febrewaris hat de ferkearswurkgroep Hegedyk yn Jellum der in punt efter setten. De Hegedyk is net allinne in stik feiliger wurden, der is folle minder lûdsoerlest en boppedat is it doarp der fan opkreaaze. „We binne dik tefreden”, seit Nelleke Meindertsma, dy’t fan it begjin ôf by de plannen belutsen wie. Tusken de earste inisjativen en it ôfslútende itentsje fan de wurkgroep leit in perioade fan krap-oan tsien jier.

Troch Hinne Bokma

We gean even werom nei de earste jierren fan dizze ieu. It waard hiel-titen drokker op de trochgeande dyk fan Weidum nei Boksum. Moarns en jûns makke in protte slûpferkear gebrûk fan de dyk. Foar in protte automobilisten wie it de koarste rûte nei harren wurk yn Ljouwert. Ek frachtferkear dindere troch Jellum. Al dat ferkear soarge foar lûds- en trillingsoerlêst. It troch it doarp jeijende ferkear taaste de leefberens fan Jellum oan. De wenfunksje moat foarop stean, automobilisten binne efkes te gast. Dat betsjutte dat de snelheid der út helle wurde moast. Foar it útfieren fan de plannen waard net allinne kontakt socht



By de tsjerke en kroech is de pleinfunksje fersterke.

mei de gemeente Littenseradiel, ek de gemeente Menameradiel waard der by belutsen. Ien fan de winsken wie in fytspaad lâns de dyk fan Jellum nei Boksum.

Foar de werynrjochting waard ek in beroep dien op Veilig Verkeer Nederland en der wie oerlis mei de gemeente Ljouwert en de provinsje Fryslân. Ein 2009 wie it sa

fier en koe de ferkearswurkgroep de plannen presintearje. De gemeente Littenseradiel wie ree om oan de werynrjochting mei te wurken, mar om finansjele redenen waard

besletten it wurk yn trije fasen út te fieren.

Earst de Smidshoeke, doe de Skoalhoeke (krúspunt Bears) en as lêste de dyk by de tsjerke en it kafee. Underwilens waard ek de Heak om Ljouwert oanlein en dat soarge al foar in flinke weromgong fan it tal auto's. Yn de spits meie automobilisten gjin gebrûk meitsje fan de Boksumerdyk nei Ljouwert. Tusken Jellum en Boksum leit no in fytspaad lâns de dyk. Ek is de foarrangssituaasje op de Hegedyk feroare en dat jout by de ferkearsdielnimmers mear dúdlikheid en bûten it doarp mei net hurder as 60 kilometer yn't oere riden wurde. Op trije plakken yn it doarp wurde automobilisten twongen op it rempedaal te traapjen. Tusken de drompels yn wurdt somtiden noch wol te hurd riden. Soene mear drompels net effektyf wêze? „Dêr is it doarp net sa foar. We wolle ek gjin pestgedrach feroarsaakje”, seit Meindertsma.

By de kroech en tsjerke is de plein-funksje fersterke. Dêr komt ek in nije bushalte. De glêsbakken binne al ûndergrûnsk gien. It is allegearre wat netsjeser wurde. It jout mear in doarpsgefoel. „Jellum is, as je de gemeente ynriden komme, it fisitekaartsje fan Littenseradiel wurden”, sa jout Meinertsma oan.

Afrikaanse muzyk



Kinderen van vier scholen van De Gearhing maakten kennis met Afrikaanse muziek (djembé). Dat was tijdens de start- en inspiratiedag van het project Greidhoek Goes Onderwijs in It Dielshûs in Wommels. Tijdens de startdag dook ook de vier meter hoge reuzengrutto van Murk Nijdam op. Eerder was de vogel ontvreemd uit het weiland aan de Slachtedyk. Pagina 5: 'Nea samar leauwe wat in professor fertelt'.

Liemburg: ' Mei ferdwinen aaisykjen komt oerdracht fan kennis fan natoer yn gefaar'

Wommels - Boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel sil de finer fan it earste ljipaaï yn har gemeente ek dit jier ûntfange op it gemeentehûs yn Wommels. Lykas oare boargemasters yn Fryslân – allinne de boargemaster fan Weststellingwerf docht net mei – wol Liemburg meiwurkje oan it inisjatyf fan de Bond van Friese Vogelwachten (BFVW) om de finer fan it earste aaike yn it sintsje te setten. Lykas ferline jier meie de ljipaaïen net meinommen wurde.

Faunabeskerming, dy’t fûl op it aaisykjen tsjin is, rôp de

boargemasters ferline wike op om gjin omtinken te jaan oan it finen fan it earste aai. Yn in brief oan de Faunabeskerming stelde Liemburg lykwols dat se dat wol dwaan sil. „Diegenen die mij gedurende mijn ambtsperiode een eerste ei hebben aangeboden, vielen vooral op door hun betrokkenheid bij en kennis van de natuur. Met het verdwijnen van het ‘aaisykjen’ komt ook de overdracht van deze kennis in gevaar en dat is, zeker in ons verstedelijkte Nederland, heel jammer”, sa skriuwt de boargemaster. „Mijn bemoeienis met het signaleren van het eerste ei zal dan ook vooral ten dienste staan van deze

kennisoverdracht.” Ferline jier waard it earste ljipaaï fan Littenseradiel op 20 maart fûn by Hûns.

LOKALE BOEREN - HEERLIJK VOEDSEL - EERLIJKE PRIJZEN

Afhaalpunt Wommels! Hottingawei 12
www.destreekboer.nl/sneek

Open dag!

22 maart

Gearhing

primair onderwijs

It Bynt

De Stjelp

De Opslach (Wommels)

De Romte

LYTSE DOARPEN

Rintoelt

25 / 40 km

Zaterdag 22-04-2017 in SPANNUM

www.lytsedoarpenrintoelt.nl

skilder nedich

www.skilder.nl

schilder nodig

Alle soorten snoeiwerkzaamheden
zoals: heesters, fruit - en leibomen

GAARDENIER

uw hovenier

info@gaardenier Tel.: 0515-333535

De lisbaan 1a Wommels